

1. FNP, hear S.D. van der Meer

Underwerp: oanfarring brêge Koatstertille

Op 10 jannewaris is der wer in oanfarring mei de brêge yn Koatstertille west troch in tanker, hjirby hat it remmingwurk fan de brêge behoarlike skea oprûn.

Der hat tidlik gjin skipfeart west om't dûkers de skea fêststelle moasten, allinnich it smelle diel is noch net iepen foar de rekreaasje. Yn de omjouwing fan de brêge binne de ynwenners bot skrokken fan de klap.

By de brêgen fan Skûlenboarch en Strobos wurd der oan de skipfeart oanjûn dat der in oanfarring west hat by de Tilster brêge.

Wy hawwe as FNP fraksje yn oktober 2014 al oanjûn dat der grutte soargen by de ynwenners binne oer de feiligens fan de brêge by Koatstertille.

No is der resint troch Rykswekkersteat oanjûn dat de brêgen by Koatstertille en Skûlenboarch ferfongen wurde moatte troch miskien in akwadukt.

In opsje kin wêze om neist it bedriuw fan Bylsma op 'e Westkern in akwadukt oan te lizzen, wat dan mei faasje oppakt wurde kin.

Sjoen it boppesteande hat de FNP de neikommende fragen:

1. Is it kolleezje ree om by Rykswekkersteat en ek de provinsje oan te jaan dat der faasje makke wurde moat om de feiligens by de beide brêgen better te meitsjen?
2. Kin it kolleezje ek nochris ynformearje by it Ryk en provinsje as der ek wat mei de moasje fan de FNP út 2014 dien is? As de moasje net útfierd is, dan moat it kolleezje wer mei dizze riedsbrede oannime moasje oan de slach.

Wethâlder De Haan

1. Ja, wy sille Rykswekkersteat en de provinsje benaderje. Ek it kolleezje hat altyd de noed oer har ynwenners en as der gefaarlike saken binne, dan moat jo dêr yn fersjen. Wy hawwe heard dat it ûndersyk nei it akwadukt mei faasje oppakt wurde sil.
2. De moasje is yn 2014 útfierd. Der is doe in brief gien nei Deputearre Steaten fan Fryslân en Grins, nei de omlizzende gemeenten Gruttegast, Ljouwerd en Tytsjerksterdiel, nei de minister fan ynfrastruktuer en miljeu, nei de Provinsjale Steaten fan Fryslân en Grins en nei de leden fan de Twadde Keamer. Wy sille nochris by it Ryk en de provinsje ynformearje, want wy binne eins ek wol nijsgjirrich as hja wat mei de moasje dien hawwe.